

Frysk. Dúdlik yn byld!

Taalnota Frysk

HERT

IT

Gemeente  eeuwarden

Inhoudsopgave

1. Ynliding	4
2. Fisy gemeente Ljouwert oangeande Frysk	5
3. Wetlike kaders en rânebetingsten	6
4. It brûken fan it Frysk yn it deistich libben	7
5. Frysk yn de gemeentlike organisaasje	8
6. Frysk yn de kommunikaasje mei ynwenners	9
7. Frysk yn de iepenbiere romte	10
8. Frysk yn it ûnderwiis	12
9. Frysk yn keunst en kultuer	14
10. Gearfetting: wat docht de gemeente Ljouwert al oan it Frysk	16
11. Extra aktiviteiten de kommende jierren	17
12. Útfieringsmooglikheden	18

1. Ynlieding

De gemeente Ljouwert is in meartalige gemeente, wêryn't it Nederlânsk, it Frysk en it Stedsfrysk (Liwvadders) neist elkoar bestean. De gemeente Ljouwert fynt it wichtich dat dy meartalichheid en de talen en kultueren dy't dêrby hearre, behâlden bliuwe. Wy fiere al goed 20 jier belied om it brûken fan de Fryske taal te befoarderjen. Dat belied bestiet neist wat de provinsje Fryslân fanâlds allegear docht oan it stimulearjen en befoarderjen fan meartalichheid, dêr't it Frysk in wichtige posysje by ynnimt.

Dit beliedsplan jout antwurd op de fraach:

Op hokker wize kin de gemeente Ljouwert as meartalige gemeente de Fryske taal en kultuer stimulearje en befoarderje, en dêrmei foldwaan oan de Wet Gebrûk Fryske Taal en de ôfspraken mei ryk en provinsje?

De gemeente Ljouwert omearmet al syn ynwenners en hâldt, yn syn belied, rekken mei alle ynwenners, sawol de Nederlânsktalige as de Frysktalige.

Útgongspunten fan it belied

De útgongspunten dy't de grûnslach foarmje fan it nij te formulearjen belied:

- It Frysk is as twadde rykstaal lykweardich oan it Nederlânsk.
- It Frysk en it Stedsfrysk binne kultuerbesit en hawwe emosjonele wearde, dat litte we sjen yn de mienskip.
- Boargers hawwe de frijheid om yn it skriftlike en mûnlinge ferkear mei de gemeente harren eigen foarkartaal te brûken.
- Yn de kommunikaasje moat de gemeente safolle mooglik oanslute by it taalgebrûk fan de ynwenners.

Nei it fêststellen fan dit beliedsplan troch it Kolleezje fan b. en w. is it Frysk taalbelied foar de gemeente Ljouwert harmonisearre.

Weryndieling

De gemeente Ljouwert is mei yngong fan 1 jannewaris 2018 gearfoege mei Ljouwerteradiel en in part fan de gemeente Littenseradiel.

Nei in weryndieling fan gemeenten moat it belied neffens de weryndielingswet op ferskate beliedsterreinen harmonisearre wurde.

Dat jildt ek foar it Frysk Taalbelied.

Dat stiet opnommen yn it *Europeesk hânfêst foar regionale en minderheidstalen*¹ (Kêst 7.1.b).

De fusearre gemeenten geane ferskillend om mei it brûken fan it Frysk. It belied fan de gemeenten Ljouwert en Ljouwerteradiel is fierhinne itselde. Mar yn Littenseradiel is der in aktiver belied oangeande it brûken fan it Frysk yn de praktyk. Fan in stedsgemeente is de gemeente Ljouwert de ôfrûne jierren feroare yn in plattelânsgemeente. Mei it foarlizzende belied hâlde we rekken mei de taalrjochten fan alle ynwenners en slute we safolle mooglik oan op it taalgebrûk fan al ús ynwenners.

Wet Gebrûk Fryske Taal

De Wet Gebrûk Fryske Taal (1 jannewaris 2014) skriuwt foar dat de Fryske gemeenten taalbelied en in taalferoarding fêststelle. Dy wet is op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden. Yn de wet is de offisjele status fan it Frysk as twadde rykstaal fêstlein. Dêr stiet yn dat de ynwenners fan Fryslân har eigen taal yn it offisjele ferkear mei oerheden en yn it rjochtsferkear yn ús provinsje brûke kinne. De gemeente hat binnen dy wet in soad beliedsromte om it brûken fan de Fryske taal te beskermjen en te befoarderjen. De gemeente is autonoom yn hoe't er dat dwaan wol. It iennichste dat dêrby jildt is dat de posysje fan de Fryske taal der net op efterút gean mei.

Kolleezjeprogram 2018-2022

Yn it Kolleezjeprogram 2018-2022 Krêft fan mei-inoar is it folgjende opnommen oer meartalichheid.

“Wy wolle it Frysk mear sichtber meitsje yn ús gemeente. Útgongspunt foar ús tsjinstferliening is de taal fan de ynwenners. Dat jildt ek foar de troch ús subsidiearre ynstellings.”

Taalferoarding

Folgjend út de nota Frysk is in taalferoarding opsteld yn gearwurking mei de oanbelangjende ôfdielings. Dy wurdt tagelyk mei dit beliedsplan oanbean om fêst te stellen.

Dit beliedsplan is ôfstimd mei de eardere gemeenten Ljouwerteradiel en Littenseradiel.

¹ the respect of the geographical area of each regional or minority language in order to ensure that existing or new administrative divisions do not constitute an obstacle to the promotion of the regional or minority language in question)

2. Fisy op it Frysk yn de gemeente Ljouwert

De gemeente Ljouwert hat yn de provinsje in bysûndere posysje. Wy binne in stedsgemeente en in plattelânsgemeente. Dat betsjut, ûnder mear, dat we der de ôfrûne jierren mear ynwenners by krigen hawwe dy't it Frysk as memmetaal hawwe.

Ús gemeente is alsidich en biedt foar elk wat: oan'e iene kant de stêd dêr't it brûst fan de kulturele eveneminten en prachtige projekten yn de iepenbiere romte, oan'e oare kant it moaie plattelân dêr't we rêst, rekreaasje en romte fine kinne.

Nei de weryndieling mei Ljouwerteradiel en in part fan Littenseradiel ha we der op 'e nij in groep ynwenners bykrigen dy't wend binne dat harren gemeente mear yn it Frysk kommunisearret as dat de gemeente Ljouwert dat docht. De gemeente hâldt hjir rekkening mei it nij formulearre belied.

Wy jouwe dêrom ferienings en ynwenners de romte om mei inisjativen en projekten te kommen foar it behâld fan de Fryske taal. Om sokke inisjativen slagje te litten, moatte dy fan ûnderen op komme.



3. Wetlike kaders en rânebetingsten

Foar Frysk taalbelied binne de folgjende (wetlike) kaders fan tapassing.

Wet Gebrûk Fryske Taal

Fan 1 jannewaris 2014 ôf is de Wet Gebrûk Fryske Taal fan krêft. Yn de wet is de offisjele status fan it Frysk as twadde rykstaal fêstlein. Dêr stiet yn dat ynwenners fan Fryslân har taal yn it offisjele ferkear mei oerheden en yn it rjochtsferkear yn de provinsje brûke kinne. Boargers hawwe it rjocht om yn de rjochtseal en yn it kontakt mei bestjoersorganen de eigen foarkartaal, Nederlânsk of Frysk, te brûken. Dy wet skriuwt foar dat Fryske gemeenten foar útfiering fan dy wet, Frysk taalbelied en in feroardering Frysk fêststelle moatte.

Bestjoerlike oerienkomst Frysk Taalbelied

De bestjoerlike oerienkomst Frysk Taalbelied is in oerienkomst oer it Frysk taalbelied nei oanlieding fan gemeentlike weryndielingen yn 2018 tusken Ryk, Provinsje en de gemeenten It Bilt, Frjentsjerteradiel, Ljouwert, Ljouwerteradiel, Littenseradiel, Menameradiel en Súdwest-Fryslân. Yn de oerienkomst hawwe de gemeenten útsprutsen dat dernei stribbe wurdt, dat it besteande gebrûksnivo fan de Fryske taal der as gefolch fan de gemeentlike fúzje net op efterút gean mei, dêrby rekken hâldend mei it taalgebrûk fan alle ynwenners fan de gemeente Ljouwert.

Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden

Dat hânfêst is troch it Nederlânske regear ûnderskreaun en op 1 maart 1998 yngien. De doelstellings fan dat hânfêst binne ûnder mear; it stimulearjen fan it brûken fan de Fryske taal yn it deistige en bestjoerlike ferkear, it oanbieden fan kursussen Frysk oan ynwenners en dêr't dat nedich is it beskermjen fan de taal.

Europeesk Kaderferdrach foar it beskermjen fan nasjonale minderheden

It doel fan it Europeesk Kaderferdrach is dat nasjonale minderheden juridysk erkend wurde. Wat taal oanbelanget stiet it folgjende yn dat ferdrach: It ferdrach regelet foar de erkende nasjonale minderheden útinoar rinnende taalkundige rjochten en frijheden, lykas it rjocht de eigen namme yn de eigen taal te brûken, it rjocht om yn it iepenbier ynformaasje yn de eigen taal te fersprieden en it rjocht om topografyske oantsjuttingen yn de eigen taal te brûken.

Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2013-2018

Op 22 april 2013 hawwe de minister fan Binnenlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, en de deputearre fan de provinsje Fryslân, de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) ûndertekene. Ôfspraken yn it Europeesk Kaderferdrach en Europeesk Hânfêst binne yn dy bestjoersôfspraak útwurke. Dêryn stean foar in perioade fan 5 jier de ôfspraken dy't makke binne om de Fryske taal te befoarderjen op it mêd fan û.o. ûnderwiis, media en kultuer. Ein 2018 leit der in nije bestjoersôfspraak.

Finânsjes en personele kapasiteit

De gemeenteried hat middels foar it Frysk net eksplisyt fêststeld. Foar de personele ynset is der om ende by 0,1 fte beskikber. Dat is genôch foar it behear fan it taalbelied, mar net foar it aktyf ûntwikkeljen fan projekten en inisjativen. De provinsje stipet de nij te foarmjen gemeenten beliedsmjittich, en wêr mooglik finansjeel, troch amtlike ynset en advys.

4. It brûken fan it Frysk yn it deistich libben

Foar de weryndieling hie 25% fan de ynwenners fan de gemeente Ljouwert it Frysk as memmetaal, 75% fan de ynwenners fan Littenseradiel en 55% fan de ynwenners yn Ljouwerteradiel. Om't it tal ynwenners út de eardere gemeenten Littenseradiel (3430) en Ljouwerteradiel (10.089) relatyf lyts is, hat 28.9% fan it tal ynwenners yn de op 1 jannewaris 2018 nij ûntstiene gemeente Ljouwert it Frysk as memmetaal.

Oanslute op it taalgebrûk fan ús ynwenners

Der binne gjin gegevens bekend hoe faak ynwenners it Frysk ek aktyf brûke. As we allinnich sjogge nei de beskikbere sifers, kinne we konkludearje dat de Nederlânske taal ek nei de weryndieling de boppetoan fiert yn de gemeente Ljouwert.

Ynwenners fan Fryslân binne yn de rin fan de tiid minder Fryksinnich en mear meartalich wurden. Dat docht bliken út de fjirde taalsosjologyske survey Taal yn Fryslân: de folgjende generaasje (2017). Der diene 3800 Friezen mei oan dat ûndersyk.

In grut part fan de Friezen dy't oan it ûndersyk meidiene, rekkenje harsels sawol ta de Fryske as de Nederlânske taalgroep. Meartalichheid liket de noarm te wêzen en fan in echte taalstriid is gjin sprake yn de provinsje. In grutte mearderheid fan de Frysktaligen jout oan posityf foar beide talen oer te stean. It hat bliken dien dat in grutte groep Frysktaligen net trochgiet yn it Frysk tsjin minsken dy't it net ferstean kinne. It tefoaren kommen fan útsluting fan gesprekspartners is wichtiger as it brûken fan it Frysk.

Út it ûndersyk docht bliken dat de behearsking en it brûken fan it Frysk op tal fan terreinen efterút giet. Sa wie it oandiel fan de húshâldens mei Frysk as thústaal yn de ûndersiken fan de Fryske Akademy út 1969, 1984 en 1994 mear as de helte. Yn 2016 is dat persintaazje ûnder de 50% sakke.



5. Frysk yn de gemeentlike organisaasje

It Frysk en it Nederlânsk hawwe yn de gemeentlike organisaasje formeel in lykwaardige posysje. Dat betsjut dat it brûken fan it Nederlânsk of it Frysk op in natuerlike wize ferrint. Yn de mûnlinge kommunikaasje funksjonearje beide talen sûnder problemen neist elkoar. It brûken fan it Nederlânsk fiert wol de boppetoan.

Folgjend taalgebrûk

Yn de gemeente Ljouwert jildt de regel: wat yn it Frysk ynkomt, moat yn it Frysk beantwurde wurde. Yn de praktyk komt der net folle skriftlike kommunikaasje yn it Frysk yn. Griffy en organisaasje ûntfange jierliks minder as tsien offisjele brieven yn it Frysk. Dy Fryske korrespondinsje komt allinnich mar fan de provinsje, inkele Fryske gemeenten, de Afûk en hiel inkeld in ynwenner. Op alle ôfdielings is in amtner beskikber dy't brieven oersetse kin.

Gemeenteried

Yn de gemeenteried en yn kommisjegearkomsten wurdt sawol Frysk as Nederlânsk praat, tusken de 5 en 10% dêrfan yn it Frysk. Riedsfragen wurde steld yn it Nederlânsk, útsein troch de FNP, sy dogge alles yn it Frysk. Beslutelisten wurde yn it Nederlânsk opsteld. Sawat 3% fan de brieven dy't de ried jierliks krijt, is Frysktalich.

It kolleezje fan b. en w.

Beliedsnotysjes foar it kolleezje binne standert yn it Nederlânsk skreaun.

Personiel

By in sollisitaasje is it behearskjen fan de Fryske taal gjin ûnderwerp by meiwurkers yn de Backoffice. Foar meiwurkers yn de Frontoffice (Boargersaken, Servicemeldpunt) jildt dat se de Fryske taal op syn minst passyf behearskje moatte. Der is by de gemeente Ljouwert altyd personiel beskikber dat de Fryske taal behearsket en de ynwenner yn it Frysk te wurd stean kin.

Amtners kinne kieze oft se de amtseed ôflizze yn it Frysk of it Nederlânsk. Der binne gjin gegevens bekend hoe't de ferdieling is fan de taal dêr't de amtseden yn ôflein wurde.



6. Frysk yn de kommunikaasje mei ynwenners

De gemeente fynt it wichtich om ynwenners op in persoanlike wize fan tsjinst te wêzen. Dêrby is it fan belang dat ynwenners har frij fiele moatte om ús meiwurkers yn de taal fan harren kar, Nederlânsk, Frysk of Stedsfrysk, oan te sprekken. By de Frontoffice is altyd ien oanwêzich dy't besikers yn it Frysk te wurd stean kin.


Houliksslutingen en partnerregistraasjes kinne yn sawol it Nederlânsk as it Frysk plakfine. Sifers dêroer binne net bekend, om't dy net byholden wurde by Boargersaken. Dêrneist is de akte yn beide talen te krijen.

De provinsje Fryslân biedt âlden it Taalkado oan om bern op boartlike wize mei meartalichheid en it Frysk yn oanrekking te bringen. Âlden krije it Taalkado as se yn dielnimmende gemeenten (alle Fryske gemeenten, útsein de Waadeilannen en de gemeente Weststellingwerf) berte-oanjeft dogge.

Ôfdieling Kommunikaasje

De ôfdieling Kommunikaasje publisearret parseberjochten, advertinsjes ensfh. allinnich yn it Nederlânsk.

De helte fan de parsefoarljochters/wurdfierders praat Frysk. De gemeente Ljouwert hat in dûbeltalige webside, wêrby't besikers op de Nederlânske thússide binnenkomme. Yn totaal is de webside foarich jier (1-1-2016 o/m 31-12-2016) goed 400.000 kear besocht. Der is sawat 4000 kear socht nei in Fryske side (dat wie 0.95%).



7. Frysk yn de iepenbiere romte

Sichtberens fan de Fryske Taal en it Stedsfrysk yn de iepenbiere romte kin in wichtige bydrage wêze oan de Fryske taal en kultuer. De kommende perioade giet de gemeente Ljouwert dêr, yn gearwurking mei oare partijen, mei oan de slach. Útwurking fan de plannen sil yn 2018 syn beslach krije.

Sichtberens

Yn opdracht fan de provinsje Fryslân hat Lân fan Taal² it plan Sichtberens ûntwikkele om it Frysk en it Stedsfrysk sichtberder te meitsjen yn de gemeente Ljouwert. Ús meartalige rykdom litte we graach (mear) sjen yn de iepenbiere romte. Keunstner Marten Winters en ûntwerper Aad van Altena hawwe in kreative foarm betocht om taal ta libben te bringen. Dat bart yn gearwurking mei de tsjinst Stedsûntwikkeling fan de gemeente Ljouwert. Doelstelling fan dat plan is om meartalichheid op in positive, boartlike en byldzjende wize sichtber te meitsjen yn de iepenbiere romte fan de gemeente Ljouwert. De projekten bestean út tekstuteringen yn de iepenbiere romte. De basis foar de tekstuteringen is altyd de Fryske taal, de tafoegingen binne meartalich. De wurken hawwe meardere lagen en foarmen. Se foarmje mei-inoar in koart ferhaal yn ferskate talen.

De tekstwurken binne ûnderdiel fan de citydressing yn it ramt fan LF2018, mar spylje nei 2018 (Legacy) ek noch in rol. De wurken sille begryplik wêze foar in breed publyk, likefolle leeftiid en de taal dy't men praat, en wurde pleatst op lokaasjes yn de iepenbiere romte dêr't in soad minsken (del)komme, bygelyks it stasjon en de binnenstêd. De wurkwize kin ek brûkt wurde om plakken dy't no bygelyks yn it Nederlânsk oantsjut wurde, Frysk en/of meartalich te meitsjen (tink bygelyks oan it Stedskantoar of it stasjon).

De blaudruk is ek te brûken foar oare uteringen as yn de iepenbiere romte, fan slugen oant buordsjes op húskes, paadwizers, rûte-oantsjuttingen, ynformaasjebuorden en nammen fan gebouwen.

It wurkgebiet is no de stêd Ljouwert, mar de wurkwize sil yn prinsipe yn alle doarpen yn de gemeente ta te passen wêze. De tekstuteringen binne op grutte en lytse skaal te realisearjen, sawol mei grutte as mei beheinde budzjetten.

Kulturele Haadstêd 2018

Neist it plan Sichtberens sil de gemeente Ljouwert yn 2018 de sichtberens fan Ljouwert as Kulturele Haadstêd

2018 fergrutsje - troch mei in (beheind) budzjet de stêd ekstra oan te klaaien: citydressing. Dat komt boppe-op it programma 'outdoor' dat LF2018 útfiert (flaggen, billboards, busreklame en beheind citydressing). It Frysk krijt dêr in posysje yn.

Foarbylden dêrfan binne:

- Op alle ynfalswegen (ek farwetter) komme buorden, makke fan beamstammen, te hingjen mei de tekst 'Welkom, Welcome, Wolkom'.
- Trije spandoeken mei in part fan in trijetalich gedicht "De stêd" fan Tsjêbbe Hettinga (ynklusyf foto) binne pleatst by de yngong fan it gemeentehûs oan de side fan het Oldehoofsterkerkhof.

Plaknammen

Troch de gemeentlike weryndielingen, dêr't Ljouwert de ôfrûne jierren by belutsen west hat, wurde der ferskate 'taalrezjyms' hantearre oangeande de plaknammebuorden. Der is gjin oanlieding om dat te feroarjen. Sa wurdt de stêd Ljouwert twatalich werjûn, boppe yn it Nederlânsk en dêrûnder yn it Frysk. Foar wat de doarpen yn de âlde gemeente Ljouwert oanbelanget (Goutum, Himpens, Lekkum, Miedum, Snakkerbuorren, Swichum, Tears, Wurdum, Wytgaard) jildt dat de plaknammen yn it Nederlânsk (boppe) en it Frysk (ûnder) werjûn wurde. Of it moat wêze dat de plaknamme yn it Frysk en it Nederlânsk itselde is, sa as by Goutum it gefal is. Dan stiet de plaknamme der ien kear op. Foar de doarpen út it eardere Boarnsterhim (Warstiens, Warten, Wergea, Eagum, Idaerd, Reduzum, Friens en Jirnsum) wurde de plaknammen yn it Frysk werjûn.

De nammen fan de gemeenten Ljouwerteradiel en Littenseradiel, dy't mei yngong fan 1 jannewaris 2018 opheft binne, komme te ferfallen en binne yntusken ferfongen troch de gemeente Ljouwert, sa't fêststeld is yn it 'Weryndielingsadvys gemeenten Frjentsjerteradiel, It Bilt, Menameradiel, Ljouwerteradiel, Ljouwert, Littenseradiel, Súdwest-Fryslân', april 2016 (3.3. side 61). Dêr stiet it folgjende yn fermeld: 'Dizze weryndieling jout gjin oanlieding om de gemeentenamme te wizigjen. De gemeente krijt dêrom de namme Leeuwarden'. De plaknammen feroarje net. Foar de doarpen Jellum, Bears, Hilaard, Baard, Húns, Leons, Easterlittens, Weidum, Mantgum en Jorwert wurdt allinnich de Fryske namme brûkt en foar de doarpen Stiens, Alde Leie, Britsum, Feinsum, Hijum, Jelsum en Koarnjum stiet de Fryske namme boppe en de Nederlânske namme dêrûnder.

2 Yn 2018 is Ljouwert-Fryslân de Kulturele Haadstêd van Europa, Lân fan Taal is dêr in wichtich ûnderdiel fan. It útgangspunt fan Lân fan Taal is: Dyn taal fiere yn in frijsteat. Tal fan ynstututen en persoanen yn Fryslân en (fier) dêrbûten wurkje gear om it ferskaat oan talen in takomst te jaan. Doel is om Fryslân as publyks- en kennissintrum foar meartalichheid te posisjonearjen. Lân fan Taal is ûntstien út in gearwurking tusken Afûk, Explore the North, Fryske Akademy, Gemeente Ljouwert, Histoarysk Sintrum Ljouwert, Neushoorn, Omrop Fryslân, Provinsje Fryslân, Ryksuniversiteit Grins, Tresoar, Keunstwurk en Tryater.



8. Frysk yn it ûnderwiis

Twa- of meartalichheid draacht by oan de yntellektuele ûntwikkeling. It jout bern mear taalgefoel en it stimulearret de sosjale ûntwikkeling. Ûndersyk hat útwiisd dat de ekstra ynset op it Ingelsk en it Frysk net te'n koste giet fan de behearsking fan it Nederlânsk. De resultaten fan sawol it Nederlânsk as it Frysk ferbetterje. Ek it Ingelsk hat foardiel by de meartalige oanpak (Fryske Akademy 2006).

Foarskoalske perioade

De gemeente hat op it mêd fan Foar- en lertiidske Edukaasje (VVE = Voor- en Vroegtijdse Edcatie) in wetlike taak, dêrûnder it ûntwikkeljen fan in trochgeande learline op it mêd fan taalûntwikkeling. It Frysk is in komponint fan dy learline. Op de pjutteboartersplakken en de berne-opfang yn de gemeente Ljouwert wurdt it Frysk op ferskate wizen brûkt. Der binne yn de gemeente Ljouwert, nei de weryndieling 21 pjutteboartersplakken en 12 bernedeiferbliuwen twatalich. De gemeente Ljouwert stimulearret foarlêzen fan tige jonge leeftiid ôf. Âlden krije by de berte fan har bern in 'Taaltaske' om teynformearjen oer de foardielen fan meartalichheid en om it brûken fan de Fryske taal te stimulearjen.

Tomke

De gemeente Ljouwert stimulearret it brûken fan it Frysk op de pjutte-opfang troch de Biblioteek Service Fryslân te subsidiearjen foar it Tomke-projekt op de pjutteboartersplakken, de berne-opfang en de ûnderbou fan it primêr ûnderwiis mei in bedrach fan omtrint €6000.

Yn de provinsje Fryslân is Tomke it wichtichste programma foar Frysktalige taal- en lêsbefoarderding foar bern fan 2 oant 5 jier. It projekt bestiet ûnder oaren út:

- foarlêsbokjes foar alle bern by pjutteboartersplakken, bernedeiferbliuwen en gastâlden;
- ynformaasje en foarljochting oer meartalichheid foar âlden en opfieders;
- aktiviteiten rjochte op it yn stân hâlden en it fergrutsjen fan de saakkundichheid fan pjutteboartersplakliedsters, beliedsmeiwurkers en oare professionals;
- it hiele jier tv-útstjoeringen fan Tomke op Omrop Fryslân;
- aktiviteiten yn it ramt fan de Fryske Foarlêswike;
- nije materialen dy't ferspraat wurde yn bibloteken en konsultaasjeburo's.

It Tomke-materiaal leveret in wichtige bydrage oan it meartalich grutbringen, sawol op bernedeiferbliuwen as yn de thússituaasje. Fan alle pjutteboartersplakken yn Fryslân docht al mear as 90% mei oan Tomke. Der wurdt op ynset dat alle organisaasjes yn Fryslân dy't wurkje mei bern yn de leeftiid fan 2 oant 5 jier meidwaan sille mei it Tomke-projekt.

Foarlêzprojekt

It Frysk Amateur Toaniel krijt jierliks in subsydze fan sawat €3000 foar it provinsjale projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten.

Doel fan dat projekt is it brûken fan de Fryske taal, it Stellingwerfsk, it Biltsk en oare streektaal te befoarderjen. It projekt stimulearret it lêzen en foarlêzen yn dy talen. Dêrneist wurde de Fryske taal en streektaal promoate en wurdt meartalichheid befoardere. It projekt leveret ek in bydrage oan it fergrutsjen fan de sichtberens fan meartalichheid en it Frysk yn it iepenbiere libben.

Primêr ûnderwiis

De bestjoerlike ferhâldingen tusken gemeente en skoalbestjoeren binne sûnt 1989 feroare: dêrtroch hat de gemeente gjin rjochtstreekse ynhâldlike bemuoienis mear mei it primêr en fuortset ûnderwiis. Ambysjes op dat mêd binne dêrom net formulearre. De ferantwurdlikheid dêrfoar leit by de ûnderwiissynspeksje en de provinsje. De skoalbestjoeren fan de basisskoallen fol-dogge yn syn algemienheid oan de wetlike easken foar it Frysk. Alle skoallen jouwe op syn minst 1 oere Frysk yn it basisûnderwiis.

Trijetalige skoallen

Skoallen krije it predikaat trijetalige skoalle as se net allinnich de ferplichte fakken Nederlânsk, Frysk en Ingelsk jouwe, mar ek wurkfoarmen en aktiviteiten oanbiede dêr't de ferskate talen by ynset wurde. Yn Fryslân binne 413 basisskoallen, dêrfan binne 78 skoallen trijetalich. Foar de weryndieling hie de gemeente Ljouwert 45 basisskoallen, wêrfan 10 trijetalich. Nei de weryndieling binne der 6 basisskoallen bykommen, wêrfan 2 trijetalich. Nei de weryndieling hat de gemeente Ljouwert 51 basisskoallen, wêrfan 12 trijetalich.

IKC-ûntwikkeling, profyl Frysk

In IKC is in trochûntwikkele brede skoalle yn de gemeente Ljouwert dêr't ynhâldlik en organisatoarysk gearwurke wurdt tusken basisûnderwiis en berne-opfang (sjoch plan bylage 2). Sy wurkje alle dagen yn it primêre proses oan de ûntwikkeling fan bern o/m 12 jier. Oan de IKC's binne profilen ferbûn. Op dit stuit is de gemeente Ljouwert yn gearwurking mei provinsje Fryslân dwaande mei it ûntwikkeljen fan in Frysk profyl. Dat profyl befettet in trochgeande learline Frysk mei oansprekkende en aktive arranzjeminten op trije nivo's foar yntegrale bernsintra.

It oanbieden fan dat Fryske profyl is in moaie kâns foar IKC's om de bern fan de gemeente Ljouwert in ympuls te jaan foar ekstra lear- en ûntwikkelingstiid op dat mêd. In Frysk profyl bestiet út in kombinaasje fan lessen yn Fryske sport, erfgoed, skiednis, musea en gebouwen. By dy aktiviteiten wurdt der Frysk praat mei de bern.

De provinsje Fryslân bekostiget de útwurking fan it Fryske profyl, wêrnei't op twa basisskoallen yn de gemeente in pilot opstart wurdt. Nei dy perioade wurdt útmakke oft it Fryske profyl ymplemintearre wurdt.

Fuortset ûnderwiis

De gemeente hat gjin wetlike taak om it Frysk te stimulearjen yn it fuortset ûnderwiis.

Ta yllustraasje: Yn it fuortset ûnderwiis kinne de learlingen kieze foar Frysk as karfak, yn de gemeente Ljouwert wiene dat yn 2017 sawat 26 learlingen. Yn hiel Fryslân binne dat trochinoar jierliks 83 learlingen.

Heger ûnderwiis (Stenden/NHL)

De provinsje Fryslân subsidiearret it lektoraat Frysk en meartalichheid yn ûnderwiis en Opfieding. Dat lektoraat is derop rjochte om ûnderwiis en ûndersyk nei it brûken fan it Frysk te befoarderjen.

Folwoeksene-edukaasje

De Afûk krijt jierliks omtrint €7.200 oan subsydje foar it jaan fan kursussen Frysk oan de ynwenners fan de gemeente Ljouwert. Jierliks meitsje dêr trochinoar 70 ynwenners gebrûk fan.



9. Frysk yn Keunst en Kultuer

Kultuer is in wichtige drager fan de Fryske identiteit. De gemeente Ljouwert stimulearret it brûken fan de Fryske taal yn kultuer op ferskate wizen.

De bibliotek

De bibliotek hat in wichtige funksje yn it stimulearjen fan de Fryske taal en kultuer. It goed tagonklik hâlden fan Fryske boeken en oare media foar ferskate doelgroepen is fan grut belang lykas ek de gearwurking mei ûnderwiis en pjutte-opfang. Troch mei te dwaan oan de Fryske Boekewike, it Fertel- en Foarlêsfestival en oare lêsbefoarderingsaktiviteiten foar it Frysk, lit de bibliotek dat ek sjen. De bibliotek hat in romme kolleksje Fryske boeken, fan streekromans oant poëzy en literatuer, fan printeboek oant boeken foar minsken dy't min sjogge. Ek Fryske DVD's, sprutsen boeken en e-boeken binne beskikber. Dy binne te finen yn in spesjaal ynrjochte Fryske hoeke.

Jongerein

In soad bern hâlde fan lêzen. Meastentiids sille dat Nederlânsktalige boeken wêze om't dy op skoalle en thús foar it gripen lizze. Om bern mear Frysk lêze te litten is it nedich om it oanbod oan Fryske berneboeken yn de bibliotek en de skoalmediateken tagonklik te hâlden en oantreklik te presintearjen. De bibliotek set him, yn gearwurking mei oare partijen,

yn om it Fryske boek by de bern te stimulearjen. Sa biedt de Bibliotek Service Fryslân (basis)skoallen de mooglikheid om ekstra Fryske boeken te lienen. It giet om de Lês en Read kolleksje: (basis)skoallen kinne trije kear jiers foar in perioade fan acht wiken in kolleksje Fryske en Ingelske boeken hiere.

Yn juny wurdt alle jierren in Frysk Fertel- en Foarlêsfestival holden en in jier lang wurdt oanheakke by de ûnderwerpen fan it Tomke-projekt. Mei de Ferteltas komme meiwurkers fan de bibliotek op de pjutteboartersplakken om foar te lêzen. Jongerein fan 12 jier en âlder hat mear mei digitale media as mei boeken. Troch e-boeken beskikber te meitsjen en oare media yn it Frysk oan te bieden en maklik tagonklik te meitsjen, kin dy groep ek mei it Frysk berikt wurde.

NB: Op de service-organisaasje foar de biblioteken (de BSF) is in domeinspesjalist Frysk en meartalichheid wurksum. Yn 'e mande mei alle iepenbiere bibliotekorganisaasjes yn de provinsje wurde aktiviteiten om it Frysk hinne organisearre.

Tabel 1: Oersjoch besit en útlie 2016/2017 gemeente Ljouwert, sa't dat der nei de weryndieling mei Ljouwerteradiel en Littenseradiel útsjocht.

Gemeente	omscriuwng	besit	útl 2016	útl 2017
Ljouwert	jongerein	733	2412	2157
	folw	1127	2121	1681
	totaal	1860	4533	3838
Littenseradiel	jongerein	11	23	24
	folw	1	0	0
	totaal	12	23	24
Ljouwerteradiel	jongerein	356	305	357
	folw	74	804	675
	totaal	430	1109	1032
Wikselskolleksje *	jongerein	685	573	139
	folw	768	385	64
	totaal	1453	958	203
SBMF 2017 *	jongerein	2080	5182	4418
	folw	3236	4689	3602
	totaal	5316	9871	8070

* Dit is de kolleksje dy't ynset wurdt foar tsjinstferliening yn û.o. it primêr ûnderwiis, de konneksjepunten en fersoargingshuzen yn de gemeente.

Folwoeksenen

Foar âlderein is de biblioteek in moetingssplak. Benammen âlderen komme ôf op de kulturele aktiviteiten dy't troch de biblioteek organisearre wurde, lykas de Fryske literêr jûnen. Foar minsken mei in fisuele beheining binne der sprutsen boeken en boeken mei grutte letters. De bewenners fan fersoargingshuzen wurde troch de biblioteek foarsjoen fan in hieltyd wikselynd oanbod oan Fryske (en Nederlânske) boeken.

Subsydzjes

Oanfragen foar de regeling subsydzje lytse produksjes kultuer wêryn't de Fryske taal in posysje ynnimt, hawwe de foarkar boppe oanfragen fan deselde kwaliteit dy't gjin relaasje hawwe mei it Frysk.

Prizen

De gemeente Ljouwert jout prizen út foar literêre wurken dy't, itsij troch de brûkte taal, itsij troch it keazen ûnderwerp in relaasje hawwe mei Fryslân.

- De Piter Jelles Priis foar Letterkunde wurdt ienkear yn de fjouwer jier beskikber steld foar alle fasetten en sjenres fan en aktiviteiten op it mêd fan de letterkunde yn de Fryske en Nederlânske taal. De priis kin takend wurde oan sawol Frysktalige as Nederlânsktalige wurken, dy't ôf troch de brûkte taal ôf troch it keazen ûnderwerp in relaasje mei Fryslân hawwe.
- De Rely Jorritsmapriis bestiet sûnt 1954. Yn syn testamint lei Rely Jorritsma fêst dat der alle jierren in wedstriid foar proaza en poëzy yn it Frysk organisearre wurde moat om it skriuwen yn it Frysk te stimulearjen. It prizejild komt út de opbringsten fan it Rely Jorritsmafûns. By de weryndieling is dy priis troch de gemeente Ljouwert oernommen fan de gemeente Littenseradiel.

Poëzyrûte

Yn de binnenstêd lizze 47 poëzysjien. De earste stien is lein yn 1993. De earste poëzytablo's bestiende út besteand wurk en nij skreaune Frysktalige en Nederlânsktalige gedichten. Dy komme fan skriuwers dy't yn Ljouwert wenne hiene of noch wennen. Letter waarden ek dichters tafoege dy't net direkt in relaasje mei Ljouwert hiene. 35 gedichten binne Nederlânsktalich en 13 Frysktalich (www.poezieroute.nl).



10. Gearfetting: wat docht Ljouwert al oan it Frysk?

Frysk yn de gemeentlike organisaasje

- Skriftlike kommunikaasje dy't yn it Frysk ynkamt, wurdt yn it Frysk beantwurde.
- Op alle ôfdielings is in amtner oanwêzich dy't brieven oersetse kin yn it Frysk.
- By Frontoffice is altyd persoanlik beskikber dat de Fryske taal behearsket en de ynwenner yn it Frysk te wurd stean kin.
- Amtners kinne de amtseed ôflizze yn it Frysk of it Nederlânsk.

Frysk yn kommunikaasje mei ynwenners

- Houliksslutingen en partnerregistraasjes kinne sawol yn it Nederlânsk as it Frysk plakfine. De akte is yn beide talen te krijen.
- By berte-oanfeite wurdt it fergese Taalkado oerlance;
- De gemeente Ljouwert hat parsefoarljochters dy't Frysk prate.
- Der is in dûbeltalige webside Frysk en Nederlânsk.

Frysk yn de iepenbiere romte

- Yn opdracht fan de provinsje hat Lân fan Taal it plan Sichtberens ûntwikkele yn gearwurking mei de provinsje en de tsjinst stedsûntwikkeling fan de gemeente Ljouwert om it Frysk en it Stedsfrysk better sichtber te meitsjen yn de iepenbiere romte.
- Neist it plan Sichtberens, sil de gemeente Ljouwert de sichtberens fan Ljouwert as Kulturele Haadstêd fergrutsje. De Fryske taal krijt dêr in posysje yn.

Frysk yn it ûnderwiis

VVE

- De gemeente Ljouwert hat in trochgeande learline ûntwikkele op it mêd fan taalûntwikkeling. It Frysk hat dêr in wichtich oandiel yn.
- De gemeente Ljouwert subsidiearret it projekt Tomke om it Frysk op de pjutte-opfang te stimulearjen.
- De gemeente Ljouwert subsidiearret it provinsjale projekt Foarlêzen yn it Frysk oan pjutten

Primêr ûnderwiis

- IKC; oan de besteande profilen (Sport, Kultuer, Sûnens) wurdt in profyl Frysk taheakke. Dat profyl bestiet út in kombinaasje fan lessen yn Fryske sport, erfgoed, skiednis, musea en gebouwen.

Folwoeksene-edukaasje

- De Afûk ontvangt een subsidie voor het geven van cursussen Fries aan de inwoners van de gemeente Leeuwarden.

Frysk yn Keunst en Kultuer

De bibliotek

- Dielname oan de Fryske Boekewike, it Fertel- en Foarlêsfestival en oare lêsbefoarderingsaktiviteiten foar it Frysk.
- De bibliotek hat in romme kolleksje Fryske boeken, fan streekromans oant poëzy en literatuer, fan printeboek oant dúdlik printe boeken. Ek Fryske DVD's, sprutsen boeken en e-boeken binne beskikber.
- Op de service-organisaasje foar de biblioteken (BSF) is in domeinspesjalist Frysk en meartalichheid wurksum. Yn 'e mande mei alle iepenbiere bibliotekorganisaasjes yn de provinsje wurde aktiviteiten om it Frysk hinne organisearre.

Subsydzjes

- Oanfragen foar de regeling subsydzje lytse produksjes kultuer wêryn't de Fryske taal in posysje ynnimt, hawwe de foarkar boppe oanfragen fan deselde kwaliteit dy't gjin relaasje hawwe mei it Frysk.

Prizen

- De gemeente Ljouwert looft twa prizen út foar literêre wurken dy't, itsij troch de brûkte taal, itsij troch it keazen ûnderwerp, in relaasje hawwe mei it Frysk of de provinsje Fryslân. It giet om de Piter Jelles Priis foar letterkunde en de Rely Jorritsma Skriuwwedstriid.

Poëzyrûte

- Yn de binnenstêd fan Ljouwert lizze 47 poëzistiennen, wêrfan 13 Frysktalige gedichten.

11. Extra aktiviteiten de kommende jierren

De aksjes binne formulearre op basis fan ûndersteande argumentaasje:

1. taalgebrûk ynwenners

De gemeente wol safolle mooglik oanslute op it taalgebrûk fan syn ynwenners.

2. ferheegjen gebrûk Fryske taal

De gemeente Ljouwert jout ynfolling oan Europeeske ferdraggen en bestjoerlike ôfspraken oangeande de Fryske taal en kultuer. Troch dat advys oer te nimmen, jouwe we, boppe-op alle aksjes dy't der al binne en dy't pland steane, noch in ekstra ympuls oan it brûken fan de Fryske taal.

3. *stimulearjen gebrûk Fryske taal* It ôftwingen fan it brûken fan de Fryske taal by meiwurkers en ynwenners is net winsklik. Taal fynt syn paad op in natuerlike wize. Wy kinne op syn heechst (op frijwillige basis) gebrûk meitsje fan meiwurkers en har stimulearje ta in kursus Frysk.

4. foldwaan oan wetjouwing

Yn de Wet Gebrûk Fryske Taal stiet oanjûn dat in gemeente in Frysk taalbeliedsplan en in feroardering opstelle moat. Mei it fêststellen fan dit plân en byhearrende feroardering foldocht de gemeente Ljouwert hjir oan.

Extra aktiviteiten

Yn de hjoeddeistige situaasje fiert de gemeente Ljouwert aktyf belied oangeande it brûken fan it Frysk troch mear te dwaan as fêstlein is yn de Wet Gebrûk Fryske Taal. Der kin op in simpele wize noch in ekstra ympuls jûn wurde oan it brûken fan de Fryske taal.

Kommunikaasje mei ynwenners

- Foaropwurd fan de boargemaster fan 2019 ôf yn de gemeentegids twatalich.
- Yn it wolkomstpakkjet foar nije ynwenners moat standert omtinken wêze foar it Frysk, tink bygelyks oan in folder fan de stichting Afûk; sy spylje in wichtige rol yn it promoaten en it oerdragen fan de Fryske taal en kultuer.

Personiel

- Yn it personielsbelied wurdt opnommen dat nije meiwurkers yn de Frontoffice it Frysk op syn minst passyf behearskje mei yngong fan mids 2018.
- Oanbieden fan kursussen Frysk foar amtners fia it opliedingsprogramma fan de gemeente Ljouwert.
- Bied op yntranet de besteande applikaasje Taalweb oan foar it oersetten fan teksten nei it Frysk (webside Taalweb).
- Frontoffice meiwurkers moatte de Fryske taal op syn minst passyf behearskje, by foarkar aktyf. Besikers/bellers moatte, as sy dat winskje, yn it Frysk te wurd stien wurde kinne (buordsje Praat mar Frysk).

ûnderwiis

- Alle bern fan alle basisskoallen yn de gemeente Ljouwert besykje yn 2018 Lân fan Taal.

12. Útfieringsmooglikheden

Der binne by de gemeente gjin strukturele middels beskikber foar it stimulearjen en befoarderjen fan it Frysk.

Subsydzjes foar de Afûk (€8.558), Tomke (€3.200) en de Fryske Akademy (€3.045) wurde betelle út it ûnderwiisefterstânsbudzjet en út it kultuerbudzjet.

De gemeente Ljouwert subsidiearret de biblioteek. Binnen harren algemiene opdracht organisearje se aktiviteiten om it Frysk te befoarderjen en hawwe se in grutte kolleksje Fryske boeken.

De provinsje sil in tal aktiviteiten bekostigje om de Fryske taal en kultuer te befoarderjen en te stimulearjen. It giet dêrby om:

- ûntwikkeljen IKC profyl en útfiering Frysk profyl (eksakte bedraggen noch net bekend);
- foar it ûntwikkeljen en útfieren fan it plan Sichtberens is €240.000 beskikber;
- der rint in oanfraach foar in bydrage fan €10.000 sadat alle skoalgeande bern, ynklusyf pjutten, in besite bringe kinne oan Lân fan Taal.





Gemeente **L**eeuwarden